

Sjueryreglemint foar de Rink van der Velde-priis

It kolleezje fan Boargemaster en Wethâlders fan de gemeente Smellingerlân hat yn 'e mande mei de útjouwerij Friese Pers Boekerij te Ljouwert en mei yngean fan 2004 de *Rink van der Velde-priis* foar oarspronklik proaza ynsteld.

De organisaasje is opdroegen oan Tresoar yn Ljouwert.

Doelstelling

De priis is ornearre foar oarspronklik en nij Frysk proaza of oarspronklik en nij proaza yn ien fan de streektalen dy't yn Fryslân brûkt wurde en dat as in selsstannige boekútjefte (roman, ferhalebondel of novelle) ferskynd is.

It is in literêre priis foar de proazasjenres dy't Rink van der Velde beoefene hat, lykas de roman en it koarte ferhaal (dus gjin poëzy, jongereinboeken of toaniel).

Bepalings oangeande de priis:

De priis

- De priis wurdt útrikt op de lêste woansdei yn febrewaris yn it gemeentehûs yn Drachten.
- De skriuwer en it boek, dy't de *Rink van der Velde-priis* takend krije, wurde net earder as mei de priisútrikking buorkundich makke.
- De priis wurdt ien kear yn de twa jier útrikt.
- De priis wurdt takend oan proaza dat yn de twa foarôfgeande kalinderjierren, yn it Frysk of yn ien fan de oan it Frysk besibbe streektalen, ferskynd is.
- Boeken oant en mei desimber fan it jier foarôfgeande oan de priisútrikking kinne meidwaan oan dizze priis. Boeken dy't fanôf 1 jannewaris fan it jier fan de priisútrikking útjûn wurde dogge twa jier letter mei.
- De priis bestiet út in byldsje, makke troch byldzjend keunstner Anne Woudwijk fan Drachten, in oarkonde, beide fan de gemeente Smellingerlân, en derneist in jildbedrach fan € 1.250,-, skonken troch de Friese Pers Boekerij.
- De priis kin net twa kear oan deselde auteur takend wurde.

De sjuery

- Tresoar kriget in opdracht fan de Fryske Pers Boekerij om in ûnôfhinklike sjuery, gear te stallen. De sjuery bestiet minimaal út trije leden.
- De sjuery is autonoom yn kar en skôging.
- De sjuery wiist sels de foarsitter oan, dy't tagelyk de wurdfierder is en ferantwurdlik foar de kommunikaasje oer it sjueryrapport nei bûten ta.
- Ien kear yn de twa jier wurdt in nije sjuery beneamd.
- Wannear't de sjuery fan betinken is dat op in stuit gjin auteur foar de takenning fan de priis yn 'e beneaming komt, wurdt de priis net útrikt.
- De priis kin net takend wurde oan proazawurk fan ien fan de leden fan de sjuery, dy't op dat stuit yn funksje is.
- Meiwurkers fan de útjouwerij Friese Pers Boekerij kinne gjin sit yn de sjuery nimme.
- Yn it sjueryrapport wurdt oandacht bestege oan de priiswinner, mar wurdt ek ynhâldlik oandacht bestege oan de nominearre boeken.

Nominaasjes.

- Der kinne maksimaal 5 boeken nominearre wurde.

- De titels fan de nominearre boeken/nammen fan de skriuwers wurde úterlik 1 jannewaris trochjûn oan Tresoar. Tresoar jout dizze nammen troch oan de gemeente en de Friese Pers Boekerij.
- De gemeente stelt sa'n seis wike foar de priisútrikking in parseberjocht op, dêr't nominearden en datum fan de priisútrikking yn neamd wurde. Der sit dan genôch tiid tusken foar de media en ynstânsjes om op websites reklame te meitsjen foar de nominearre boeken. De nominearren, dy't gjin priiswinner binne, krije in bosk blommen, der wurdt in groepsfoto makke en hja kinne in deklaraasje yntsjinje foar de reiskosten.
- De namme fan de priiswinner wurdt úterlik twa wike foar de priisútrikking trochjûn oan de gemeente/Friese Pers Boekerij, sadat dy op 'e tiid op de prizen oanjûn wurde kin en dat de gemeente kontakt opnimme kin mei de famylje fan de priiswinner.

Sa fêstlein op 26 maart 2012 troch de gemeente Smellingerlân/Drachten, de Friese Pers Boekerij en Tresoar

Funksjeferdieling Tresoar, gemeente Smellingerlân, Friese Pers Boekerij en gong fan saken priisútrikking.

Tresoar:

- Siket, neidat se der fan de Friese Pers Boekerij opdracht ta krigen hawwe, in nije sjuery.
- Jout de nammen fan de sjueryleden troch oan de gemeente en de Friese Pers Boekerij.
- Soarget derfoar dat de sjuery de boeken en it reglemint krijt.
- Is it oansprekpunt foar de sjuery en wiist harren, wannear needsaaklik, op it op tiid ynleverjen fan de list mei nominearden en de priiswinner, en it op tiid tastjoeren fan de sjueryrapporten.
- soarget foar de ynhâldlike, literêre ynformaasje oer de nominaasjes en de skriuwers. Dit wurdt sadree't de nominaasjes bekend binne publisearre op www.sirkwy.nl.

Gemeente:

- soarget op 'e tiid foar perspublikaasjes fan de nominaasjes, de priisútrikking en - foarsafier beskikber - oare ynteressante ynformaasje yn de perioade tusken de bekendmakking fan de nominaasjes en de priisútrikking.(foar de earstfolgende priisútrikking wurde hjirfoer ein 2013 neiere ôfspraken makke.
- Soarget foar de organisaasje fan de priisútrikking yn it gemeentehûs en muzikale omlisting by de útrikking (in oerlis mei de Meldij, jong talint).
- Soarget foar it byldsje fan Anne Woudwijk, de oarkonde, de blommen, deklaraasjeformulieren kilometersfergoeding, de katering en de fotograaf.
- Soarget foar de reservearing fan Marktzicht.
- Soarget dat de sjueryrapporten nei ôfrin fan de priisútrikking klear lizze.

Friese Pers Boekerij.

- soarget foar de cheque.
- Soarget foar in update foar de adressen.
- Soarget foar publisiteit yn'e Ljouwerter krante.

Gong fan saken tidens de útrikking.

- in meiwurker fan de ôfdieling kommunikaasje fan de gemeente Smellingerlân hat de algemiene lieding.
- As earste hâldt de wethâlder in taspraak
- Folge troch in taspraak fan de Friese Pers Boekerij (Jelma)
- Dernei lêst de foarsitter fan de sjuery it sjueryrapport foar en makket de priiswinner bekend.
- It byldsje wurdt útrikt troch de wethâlder, de cheque troch Jelma en it bosk blommen troch Mineke van der Velde.
- Besocht wurdt it foto's meitsjen wat yn'e stringen te hâlden en te foarkommen dat omrop Fryslân ynterviews hawwe wol tidens de priisútrikking.
-